

verhaal 33

De reade tried

As lyts famke gie ik al mei nei't tsjerke, ik tink dat ik in jier as fiif, seis wie. Heit en mem wienen trouwe tsjerkegongers en heit siet -yn myn belibbing- altyd yn it hek, sa as dat doe neamd waard. Want, yn ús lyts doarpke wie it doe ek al in toer om minsken foar it amt te finen. Us heit wie komelker en net in man fan folle wurden. Dat hy it dreech hie yn it amt, ha ik letter fan myn âldere bruorren en susters heard. En de reden dêrfan hat mij sear dien, al sil der faak noch wol mear west ha, wêrtroch it him swier foel.

Thús en om harren hinne, waard allinne mar Frysk praat, mar de taal fan de tsjerke wie Nederlânsk! It gebed foar de tsjinst moast dan ek yn it Hollânsk dien wurde en dat wie foar heit net maklik.

Doe't ik sechtjin jier wie krige ik ferkearing mei , wat letter myn man wurden is. Mar o heden, hy wie grifformearde en ik herfoarme, en ús heit moast net safolle fan de grifformearde ha. Gelokkich kaam it allegearre goed, mar doe't wy ferlove soenen moast ús heit wol even witte hoe it no mei de tsjerke kaam.

Nei fjouwer jier ferkearing trouden wy en kamen al gau de bern. Trije sûne bern, wat wienen wy der bliid en tankber foar! It wiene drokke tiden: myn man yn de winkel en ik thús bij de bern, sa hiene wy dat ôfpraat en it hat goed west.

Ek wy besochten ús bern it evangeelje mei te jaan, sa as wij dat beide fan hûs út mei krigen hiene. Wij liezen nei it iten út "Bliid Boadskip" doe't se lyts wiene en sa lang dat slagge sneins mei-inoar nei 't tsjerke. Al tink ik wol, dat by ús it petear oer ús leauwen mei de bern, te min west hat. Wie it de ferlegenheid om der oer te praten fan ús, omdat wy dat fan hûs út ek net leard hienen, as wie it de drokte?

Doe't myn man 37 jier wie krige hy te hearen, dat hy better oar wurk sykje koe, syn knibbels wienen fersliten. Hoe no fierder?

Op ús sliepkeamer hong yn die jierren de spreuk:

Morgen-is voor ons verborgen.
U en ik wij weten niet,
wat de dag van morgen biedt.
Maar Hij, die 't heelal omspannt,
houdt ook 'morgen' in Zijn hand.

It postkantoar, dat al wat jierren yn ús winkel siet, brocht útkomst. Myn man koe yn leantsjinst komme bij de PTT.

Mar der wienen ek jierren wêryn ik faak it gefoel hie, dat myn leauwen allinne mar oan de bûtenkant siet. Wol trou sneins nei't tsjerke, mar it wie, as koe ik gjin ferbining mei God krije. Ik klage dan tsjin myn man: Ik fernim hielendal neat fan God, it leauwen seit my sa'n bytsje. Mar de iene minske kin de oare it leauwen net jaan. Mar wol steune.

It tsjerkewurk is der foar myn man altyd west, ek yn de tiid dat de supermerk der noch wie. Mar doe't hy dan foar seisentweintich oeren yn leantsjinst bij de PTT kaam, hie hy mear tiid foar frijwilligerswurk, en as fansels waard dat it measte it tsjerkewurk. Dêr is him yn al die jierren neat wat te folle west, hy die it mei leafde. Ik ha altyd efter him stien, mar dan wol op de eftergrûn. Sa waard ús libben oars, mar letter seagen wy, dat wat as in tsjustere wolk op ús ôfkaam, mear wearde oan ús libben jûn hat. Wy hiene mear tiid foar inoar, mar ek foar de bern.

Yn 2011, neidat hij 25 jier it kantoarwurk dochs wol mei nocht dien hie, gie hy mei Prepensioen. Djip respekt ha ik altyd foar him hân, want earst sels baas en dan ûnder in oar wie net maklik west, mar

hy wie altyd posityf bleaun. It wie yn die tiid dat hy út it wurk wie, dat wy sa goed beseften, hoe moai wy it hiene, en dat seinen wij dan ek tsjin inoar. Mei elke kear der efteroan: It kin samar oars wurde. Mar as men soks seit, beseffe jo net hoe wier dat is.

Yn oktober 2013, krigen wy -nei ferskate ûndersiken- te hearen, dat der ferkearde sellen op de lever en yn de galwegen fûn wienen en ek de lymfeklieren wiene oantaast. Noch sjoch ik ús yn dat grutte sikehûs yn Grins rinnen, neidat wy die earste minne útslach krige hienen. Ferslein wiene wy.

Nei alle fierdere ûndersiken kaam op de dei foar syn 64ste jierdei de lêste útslach. Der wie gjin operaasje mooglik. Kueren foar ferlinging soe de lêste mooglikheid wêze.

Wy ha net bidden om betterskip, mar wol om noch in skoftsje tiid, om byelkoar te wêzen. W^rom leauden wy mear yn wat de dokters seinen, as dat wy om in wûnder bidden?

En dochs is der wol in wûnder bart. Troch dat de galwegen ferstoppe wiene waard Folkert yn novimber fan dat selde jier, sa slim siik, dat ik bang wie dat ik him doe al ferlieze moast.

Earst besochten se om yn Snits in 'stant' te setten, mar doe't dat net slagge, mocht hy nei it UMC yn Amsterdam. Folkert hat my nei die operaasje ferteld, dat hij sa bang wie, mar dat hij field hie, dat God by him wie. Ek hie hy oan de dokter fernaam, dat die oprjocht bliid wie doe't de yngreep slagge wie. Wie dat ek net in wûnder, dat God de hannen fan de dokter seinige hie, sadat wy langer tiid hiene om fan inoar te genietsjen foar't wy ôfskie nimme moasten? Wat ha wy tegearre in soad beprate kinnen, oar wat kommen gie. Mar ek, wat ha wy tegearre wat ôf gûlt. Wij woenen sa graach tegearre âld wurde ommers? It wêrom fan it siik wêzen fan Folkert, wie foar him gjin fraach. Hy sei dan: Wêrom ik net? Mar ik hie it der sa muoilik mei, ik koe net sûnder him, hy wie myn alles, en ik koe my in libben sûnder him net yntinke. Ik krige wize rie fan him, hy koe my ommers sa goed. 'Moast straks net thús sitten bliuwe', sei hij, 'moast der sels op út gean'.

En elke snein gie ik nei't tsjerke en siet Folkert foar de tsjerkeradio, en as ik dan wer thús kaam, wie it krekt as hiene wy der beide west. Ik hie betocht dat de stap om wer hinne te gean as Folkert der net mear wie, sa lytser wêze soe, en wy bleaunen sa ferbûn mei de minsken fan ús tsjerke. Ut tsjerke wei, waard der nei him frege en ik krige hannen fol groetnis mei. En dat meilibjen die him sa goed. Ek oer de dea praten wy. Ik frege him of hy ek bang wie om te stjerren. Nee, sei hy, ik wit wêr't ik hinne gean, mar hij wie besoarge om my.

It wiene dy lytse dingen, wêr't wij oan it lêst ta sa fan genietsje koenen en it wie krekt al waarden wy almar wizer mei-inoar.

Wat wie it foar my dreech elke kear, dat ik fernaam, dat hy wer in stikje by my wei gien wie. Dan gûlde ik my jûns yn sliep, want ik wist, it rint nei de ein. Beide hiene wy in soad steun oan ús predikant, hij besocht ús trou en wie der net allinne foar myn man, mar ek foar my. Mar it wienen ek ús freonen dy't altyd foar ús klear stiene.

Op 1 oktober 2014 is, nei in jier fan siik wêzen, myn man stoarn; hij wie noch mar 64 jier âld. In jier wat ik net graach mist hie, al hoe muoilik it faak ek wie.

Op syn lêste reis seach ik wer, hoe dierber hy wie. Wat wie ik tankber foar al die minsken, dy't foar him kamen. Mar ek foar de bern om my hinne, foar de wurden fan treast fan de predikant, dy't him sa goed kinnen hie; ik ha mij droegen field. Wat griep it mij oan, doe't hy útdroegen waard, út de tsjerke wêr't hy syn leauwen beliden hie, en wêr't hy mei safolle leafde oan boud hie. En doe wie it sa, ik moast allinne fierder.

De dagen rûgelje mij ûnbeskreaun troch de fingers, de tiid is leech, fêste rituelen ha gjin funksje mear, alles is oars. As ik de doar útgean is it oars, as ik der wer yn kom is it noch mear oars. Wêr kin ik wer in paad finne.

Sa begjin ik mei myn deiboek de dei nei de begraffenis. En ik murk, sa as it der stiet, sa wie it. De earste jierren wiene sa dreech: wrakselje mei it allinne wêzen, boas op God, mar dochs ek altyd wer treast bij him sykjend. Foar de minsken dy't trou bij my kamen, hie ik in namme, ik waard neamd yn in oertinking fan ús predikant. Foar my wienen dêr de ierdske ingels, dy't nei mij lústeren, my in bakje stoofparkes brochten, my ris oanhellen, my mei namen nei in musical, wêr't ik sa fan hâlde. Of dat tillefoantsje jûns, krekt op dat momint, dat ik der hielendal troch siet. It wie ek ien fan de bern, dy as it mar even koe, dêr wie en my behelle yn har eigen húshâlding. Al die dingen koenen dochs net tafallich wêze?

Minsken, dy't allinne komme te stean, sizze faak dat de jûnen sa lang binne, mar dêr ha ik net lêst fan hân. Altyd hie ik wol wat om te lêzen of oer te skriuwen. Nei in moanne as wat begûn ik mei it skriuwen oer it jier, dat Folkert siik wie, dat wie dreech mar sa koe ik alles fan my ôfskriuwe, en it skriuwen die my sa goed. Wol kaam dochs faak de wanhoop lâns as ik betocht, dat it altyd sa bliuwe soe, dat ik him nea wer sjen soe. Dat ik him nea wer wat fertelle of freegje koe, dat hy my nea wer oanhelje soe.

Doe wie der ris ien dy't tsjin my sei: "Mar do moast it sels wol dwaan. En ik murk dat dat wier wie. Sa sette ik my dêrta, foaral yn it earste jier, om nei (sawat) alles te gean wat der organisearre waard fan út de tsjerke. Der wisten se fan myn fertriet en fielde ik my thús. Mar ek mei yn gedachten, wat myn man sein hie: net thús sitten bliuwe.

Doe't ik twaenheal jier allinne wie, kaam der ien fan de tsjerkeried lâns, mei de fraach oft ik âlderling wurde woe. Ik hie wol ris yn de sindingskommisje sitten en wie kontaktfrou west, mar âlderling, dat koe ik dochs net? Mar hie ik ek net de gedachte hân dat ik eins wol wat mear foar God dwaan woe? Dat ik in lyts bytsje it wurk fan myn man fuort sette woe, al soe ik by lange nei net dwaan kinne wat hy dien hie? En as dit no op myn paad kaam koe ik dan wol nee sizze?

Nei in wike kaam de âlderling wer en doe ha ik ja sein.

Op de snein fan de befêstiging krige ik fan myn bêste freondinne in kaartsje mei derop Liet 345:2 "Ik ha jo heare litten myn wurd op dizze dei, jou dat mei hiel myn libben ik der foar ynstean mei en dat it út myn dienden foar altyd bliken docht. Wol Jo myn wei sa liede dat elk Jo goedens sjocht".

We binne no alwer in pear jier letter en it is net dat it allegearre fansels giet. Der binne noch genôch dingen wêr't ik it knap dreech mei ha. Mar ek bin ik faak ferwûndere hoe moai it wêze kin en hoefolle fertrouwen ik fan minsken krij dy't ik besykje. Faak fernim ik, dat ik der sels riker fan wurdt. De lêste rigel fan it gedichtsje hjir boppe is: "Wer kin ik wer in paad fine". Ik tink dat ik wol sizze kin, dat ik myn paad wer wat fûn ha, mar wat bliuwt is it gemis fan wa't my sa leaf wie en dat kom ik elke dei noch tsjin. Doch bin ik ek tankber foar alles wat ik dwaan kin en mei.

En sa seach ik al skriuwende wei, dat de tsjerke, nee eins moat ik sizze, it leauwen as in reade tried troch myn libben rint.